

Tsjil

Jiergong 27 | nûmer 6 | maart- april 2024

Tema: op 'e strún

Fryske mummys

Dokkumer Lokaeltsje

Op syk nei boaiemskatten



Ynhâld

Kom fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

No sa! 6-7

LinKKe side 8

Der op út 9

Koart ferhaal 10-11

Tsjil nijs 12-13

Tsjek dit 14-15

Efkes foarstelle 16


Net te leauwen 17

Keunstner yn dy 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20

5



10



16



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Teun Veldman

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil

ISSN: 1389-348X

Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde
It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassepakket útjûn.

De redaksje fan Tsjil hat besocht
fêst te stellen wêr't byldmateriaal
weikomt om de fereaske
tastimming foar publikaasje te
krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten
te hawwen kin kontakt opnimme
mei tsjil@cedin.nl.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Spoaren nei it ferline

Skiednis is hartstikke hip! Oftst no wol of net in soad skiednis op skoalle hast, komst der altyd wol in kear mei yn oanrekking. En dan silst derefter komme dat skiednis hiel nijsgjirrich is. Troch boeken te lêzen, filmkes te besjen en musea te besykjen, kinst derefter komme hoe't de minsken eartiids yn ús omjouwing libbe ha. Dan kin it gean oer in fynst fan munten fan in pear iuwen lyn mar ek oer in spoarline fan Dokkumer nei Ljouwert dy't omtrint 1900 brûkt waard.

Yn dizze Tsjil kinst mear te witten komme oer de mummys fan Wiuwert en it Dokkumer Lokaeltsje en der is ek in prachtich ferhaal oer bern fan de takomst. Om dochs ek by de tiid fan it jier oan te sluten, hat Gijs van den Brink, foarich jier direkteur fan CBS de Frissel yn Feanwâlden, in gedicht skreaun oer it earste ljipai.

Skiednisferhalen binne geweldich om nei te harkjen mar it wurdt noch moaier ast der ek wat fan sjen kinst. Dêrom hjir eefkes in pear tips fan lokaasjes om mei de klasse of jim húshâlding hinne te gean:

- 1 Fries Museum, Ljouwert; mei tentoanstellingen sa as *Ferhaal fan Fryslân*, *Fryslân van boven*, *Hindeloopen*, *De terp en Fries land*
- 2 Historisch Centrum Leeuwarden, Ljouwert
- 3 De Spitkeet, Harkema
- 4 Besikerssintrum Hegebeintum
- 5 Fries Scheepvaart Museum, Snits
- 6 Observeum, Burgum
- 7 Museum Joure



Groetnis, Tjitske

In soad lêswille!



Ljipaai sjen

Boeren, boargers, bûtenlju
kom mar sjen en sammelje!
Kening winter is fan 'e troan
Der komme moaie tiden oan!

Fûgels sjochst no oeral fleanen
nei de lannen fan harren dreamen
Hark! Sy fluitsje 't heechste liet
Wy krije besite fan 'e maitiid

Mantsjeljip sei: 'Ljippfrou,
witsto wol hoefolle 'k om dy jou?
Sille wy hjoed trouwe
en in hiel moai nestke bouwe?'

Yn de greide fris en grien
hat it stel al hiel wat wurk dien.
Kûltsjes grave, snaffel fol strie
Se woene dat it hast safier wie

En dan komt de grutte dei!
Frou ljip sit der mar kreas by,
set har stevich op it nêst
mei har lyfke sa poerbêst,
en perst dan út alle macht
it earste ljipaai, wat in pracht!





Rein (14) siket mei in metaaldetektor nei ferburgen skatten. Syn keamer liket wol in lyts museum, fol mei spannende fynsten, fan âlde boartersguodsjes oant prachtige âlde munten. Alles watst dy mar foarstelle kinst, hat Rein nei alle gedachten wol fûn.

Syn aventoer begûn doe't er op YouTube filmkes seach fan skatsikers. Op in dei, doe't er mei syn âlders op in rommelmerk wie, kocht er syn earste metaaldetektor. 'Ik fûn it fuort leuk', fertelt Rein. Foar syn jierdei krige er letter in noch bettere detektor, wêrmei't er al gau de iene nei de oare skat fûn.

Rein hie earst in eigen floch oer syn syktochten, mar besleat him folslein op it sykjen te rjochtsjen. 'It filmjen naam tefolle tiid yn beslach', leit hy út. Ien fan syn earste bysûndere fynsten wie in munt, in saneamde 'rijderschelling', út 1680. 'Dy binne hiel seldsum', seit Rein grutsk. Hy wie doe pas 10 jier âld. No, mei in metaaldetektor fan topkwaliteit, fynt er sels de lytste en meast bysûndere muntsjes. Rein leit út hoe't je

oan it materiaal faak al sjen kinne wat je fûn hawwe. 'Brûns is swierder as koper, sulver wurdt hiel swart en goud komt faak skjinn út de grûn!'

It sykjen docht Rein troch rêstich te rinnen en syn detektor fluch hinne en wer te swaaien. Fynt de detektor wat, dan begjint it apparaat te piipjen. Hy graaft it mei in skeppe op en mei in spesjale pinpointer siket er dan kreker. Rein hat in soad leard oer de skiednis, wat him helpt by it sykjen. Hy hâldt syn favorite sykplakken geheim, mar dielt graach ferhalen oer syn fynsten. Sa fûn er in tol út 'e 18e iuw dêr't bern eartiids spultsjes mei spilen en in bysûndere gouden munt, de 'James 1 Double Crown' út de betide 1600's, dêr't er tige grutsk op is.

Rein hat it drok hat mei de middelbere skoalle, mar besiket dochs safolle mooglik te sykjen. 'Skoalle is neat oan, ik bin leaver bûten dwaande', seit er. Hy leart graach op syn eigen wize, benammen oer de skiednis fan syn fynsten. 'As ik wat fyn en ik wit net wat it is, gean ik op ûndersyk út.'

Rein syn kennis oer Fryslân is flink groeid troch syn hobby. Sa fûn er ris in âlde Fryske munt en in bysûndere spjelde om klean fêst te setten. Koartlyn waard er útnûge om te sykjen op in terp yn Nes, dêr't er in Dútsk muntsje fûn. Ek fûn er dêr in ring, dy't er weromjoech oan de bewenners fan de pleats. 'Se wiene der hiel bliid mei, dat is leuk!' De ring wurdt no restaurearre en sil droegen wurde troch de bewenster, dy 't sels ek sljocht is op skiednis.

No sa!


Lok of Loc

oer de trein fan Ljouwert nei Dokkum

Sân oere! Wa betinkt it?!
Oane bellet oan by pake.
'Ha jonge, helpst mei?'
Oane en pake lade de âlde,
swarte Saab fan pake yn.
Angels, aas, amers en wat al net
mear. Underweis harkje se nei
de radio. Pake sjongt mei:

'Yn It Dokkumer Lokaeltsje
sit men rom it hiele ein'
'Wat wie dat?' gnysket Oane.
'No dat sil ik dy fertelle jonge.'
'Nee lit mar pake, dy âlderwetske
dingen. Wêr sille we hinne?'
'De Hallumer Feart, en we binne der all
Healwei achten. Dat hawwe we moai
dien. En it is no wol tafallich dat we hjir
binne, want dat Dokkumer Lokaeltsje
hin (...)'

'Nee, hâld mar op, aansen jeit pake
de fisken noch fuort', laket Oane, en
pake laket mei. Pake wol altyd fan alles
fertelle, mar Oane fisket it leafst yn
stilte, dat hy harket mar heal. It 'pas op!
heart er dan ek net. En dan is it al te let.
In mûzefalk lit in grutte stien út de loft
falle, krekt boppe de holle fan Oane!
Oane falt achteroer en rekket út de tiid.



De stasjons fan it Dokkumer Lokaeltsje:

- Ljouwert => Jelsum
- => Koarnjum => Britsum
- => Stiens => Feinsum
- => Hijum => Hallum
- => Marrum/Westernijtsjerk
- => Ferwert => Blije
- => Holwert => Ternaard
- => Hantum => Dokkum/Ealsum
- => Mitselwier ● Eanjum



Oane oan it fiskjen yn de Hallumer Feart, mei útsjoch op it oerbleaune brêgehaad fan 'e spoarbrêge; it mitselwurk dêr't in brêge op rêst

Dokkumer Lokaeltsje

'Hast byt jonge!' Oane sjocht in bytsje
doel om him hinne. 'W-wat, w-wêr bin
ik?'

'De Hallumer Feart fansels!', seit in man
dy't dêr mei syn maat stiet te fiskjen.
'Mar, mar der is hjir in brêge mei in
spoar!', ropt Oane út.

'Ja fansels, dat is it Dokkumer
Lokaeltsje! Dat witst dochs wol?'

'Ik tocht dat dat in tram wie?' seit Oane.
'Nee jonge, dat is dochs de spoarwei?
Fan de NFLS!'

'NFLS?!'

'Ja, de Noord-Friesche-Loaal
Spoorwegmaatschappij ommers?' seit
de oare man.

Oane sjocht ferheard, dat de man giet
fierder. 'It spoar tusken Ljouwert en
Ealsum? Wêr komsto wei datsto dat net
witst?!'

'Ik eh, ik bin net fan hjir'.

'Ja dat tochten wy al, oan dyn klean te
sjen! No dan sille wy it dy mar útlizze.
Yn 1901 is it trajekt Ljouwert – Ferwert
iepene, foar reizgers. En net folle letter
ek it trajekt Ferwert – Mitselwier. En
der kaam fansels ek in frachttrein.
Dy bringt de ierappels troch de hiele
provinsje. Hast de sekken net lâns it
spoar sjoen op 'e wei hjirhinne? Yn
1913 is dêr ek noch it trajekt Mitselwier
– Eanjum bykommen.'

Ungelok

De earste man giet fierder. 'Ja, mar
moatst wol útsjen hear! Treinen geane
o sa hurd. En de oergongen binne hjir
net befeilige! Dêr wol de NFLS net foar
betelje. En se kinne ek ûntspoare, as se
te hurd troch de bocht ride.'

Krekt op dat stuit hearre se it 'geden
gedeng' fan in oankommende trein.
'Sjoch dêr is de Loc al', seit de earste
man.

'Loc?' freget Oane.

'Ja dat is allinnich de lokomotyf, sûnder
wagons.

Dy hat krekt in trein nei Holwert brocht
en sil it no wol hast kertier foar achten
wêze.'

'Hy giet oars wol hastich Willem!', seit
de oare man.

'Ja blikskatersk! OAN 'E KANT!' seit de
man dy't blykber Willem hjit.

De Loc komt neist it spoar telâne en
rydt noch sa'n twahûndert meter troch,
giet twa kear oer de kop en komt rjocht
op harren en de Hallumer Feart ôf.
Allegearre pún komt nei ûnderen út it
brêgehaad wei. Ek op de holle fan Oane...

Ein fan Loc

'WILLEM?!' raast Oane, mar nee, it is
gelokkich allinnich mar pake, dy't him
besoarge oansjocht.

'Giet it wol jonge?'



De Loc yn it wetter yn de Hallumer Feart. Mei tank oan Jan Van Mourik & Uitgeverij Gegarandeerd Onregelmatig

'W-wie der hjir earst in brêge mei in spoar?' freget Oane betize.
 'Jawis! It Dokkumer Lokaeltsje!
 'W-wêrom is dy der no net mear?' wol Oane witte.
 'No neffens my waard it te djoer troch de komst fan de frachtwein, de autobus

en de krisis fan de jierren '30. Doe hawwe se stikje by bytsje de trajekten ôfsluten. Om dy tiid hinne is ek de reizgerstsjinst staakt. Yn de jierren '70 ried de lêste frachttrein en ik leau dat de alderlêste trein yn 1997 ried, mar dat wie mear foar toeristen en

sa. Der binne noch wol in pear haltes, brêgehaden en stikjes spoar hjir en dêr te sjen.
 'Is der hjir, by de Hallumer Feart ek ea in ûngelok mei de Loc bard pake?'
 'Oeh jonge dat wit ik net, dêrfoar soenen wy nei it streekargyf moatte. Mar earst mar ris nei hûs en nei dokter.'

De oare wike geane pake en Oane nei it streekargyf. Der is dêr in hiel grut boek, *Opkomst en ondergang van de Noord Friesche Locaal Spoorwegmaatschappij*, dêr't alles oer de NFLS yn stiet. En ja hear! Ek it ûngelok yn de Hallumer Feart fan 12 juny 1927! Mei foto's en al! Mar sûnder Oane derop. Dêr kinne se lêze dat der in fisker fallend pún op syn holle krigen hie, in earm bruts en yn koma rekke. En dat fisker Willem van de Geest de ferwûne fisker, de kondukteur, de stoker en de masinist út it wetter helle hie. Uteinlik is it goed ôfrûn foar alle oanbelangjenden. 'Wat hawwe sy in lok hân', seit pake. 'Bedoelt pake no lok of Loc?' knypeaget Oane.



Stasjon Eanjum eartiids en no as wenhûs. Mei tank oan Museum Dokkum



Karopdrachten

Kies ien fan de ûndersteande opdrachten om út te wurkjen.

A
 Ferskes binne in ynstrumint om skiednis mei in bepaald gefoel oer te bringen, sa as we hearre kinne yn it ferske 'It Dokkumer Lokaeltsje (youtube.com)'. Praat mei dyn pake(s) of beppe(s) en beskriuw wat fan dyn eigen skiednis of de skiednis fan dyn omjouwing. Slagget dat yn in ferske of gedicht?



B
 Hjir kinst in digitale toer meitsje mei it Leeuwarden Dokkumer Lokaeltje - YouTube. Kinst sels ek in digitale toer meitsje fan eat nijsgjirrichs fan dyn omjouwing dat bern yn de takomst miskien wol nijsgjirrich fine sille?




C
 Pake fertelt dat der noch oerbliuwsels fan it Dokkumer Lokaeltsje te sjen binne yn de hjoeddeistige omjouwing. Kinst sels ek sykje nei oerbliuwsels fan it Dokkumer Lokaeltsje en set se op 'e foto. Of hast noch âlde foto's thús te lizzen fan wat oars út dyn omjouwing? Sykje dy omjouwing op en meitsje in foto fan hoe oft it dêr der no útsjocht. Set beide foto's yn ien bestân en beskriuw de oerienkomsten en de ferskillen. Kinne jim in moaie presintaasje foar âlders en pake's en beppes meitsje?

Witst dat der in hiel soad apps binne dêr'tst bûtendoar wat mei kinst? Wy hawwe der fiif útsocht. Dus skuon oan en der op út! Al dizze apps binne fergees del te laden yn de Google Play Store en App Store.



Google Lens

It measte datst bûten tsjinkomst, kenst wol. Mar wat dochst ast dingen sjochst dy'tst net kenst? Komst in aparte plant tsjin, of wolst witte watfoar bist der ynienen by dy yn 'e de tún omstapt? Besykje dan in foto te meitsjen mei Google Lens, en lit 'm dy fertelle watst sjochst.





Geocaching

In app dy't noch hieltyd populêr is, is Geocaching. Dat is in spultsje dat al sûnt it jier 2000 bestiet. It doel fan Geocaching is om 'skatten' te finen dy't oare minsken ferstoppe hawwe. Fia dyn telefoan krijst GPS-koördinaten. Op dat plak moastst dyn 'skat' sykje. It moaie fan Geocaching is dat it oer de hiele wrâld dien wurdt. Ek op fakânsje yn it bûtenlân kinst dus punten skoare.



BirdNET

BirdNET liket op it earste each net hiel ynteressant, mar BirdNET kin wat hiel bysûnders. Hy kin fûgels werkenne oan it lûd! Ast de app bûten in fluitsjende fûgel opnimme litst, fertelt hy watfoar fûgel it is.



Dierenzoeker

Soms komst bûten in bist tsjin dêr'tst net fan witst wat it is. Fansels hast op sokke mominten net altyd in kamera beet, mar kinst wol dingen fan it uterlik fan it bist ûnthâlde. Dan kin de app Dierenzoeker útkomst biede. Dy app wit fan alles oer wol 400 bisten! Fan fûgels en sûchdieren oant fisken en ynsekten. Troch it ynfoljen fan bygelyks kleur, grutte of gedrach ferdwine hieltyd mear bisten fan de list. Oantst byt hast!

Skyview (Lite)

It is net allinnich oerdeis de muoite wurdich om nei bûten ta te gean. Jûns by tsjuster sjochst wer hiel oare dingen. De measten fan ús witte de moanne noch wol te finen, mar wat is dat foar heldere stjer dêrnjonken? Is it eigentlik wol in stjer? Om de nachtloft kennen te learen, is de Skyview-app makke. Rjochtsje de telefoan op in stjer en sjoch yn watfoar stjerrebyld dy sit. Wisto datst mei helder waar hast alle jûnen wol in planeet oan 'e himel spotte kinst?



Der op út

Blêdlok

Stinzeplanten

Dizze kear lêze jim wat oer de blêdlok. Yn de midsiuwen waarden der yn Fryslân stinzen boud. Dat wiene faak tuorren mei hiele grutte stiennen muorren dêr't de omjouwing út wei ferdigene waard. Der waard yn dy tiid in soad fochten om eigener te wurden fan lân. Letter, doe't der net mear safolle ferdigene hoegde te wurden, waarden dizze stinzen útboud ta lânhuzen. Wa't dizze lânhuzen (stinzen) betelje koe, wie ryk. Dizze rike minsken, faak fan adel, woene net in gewoane tún mei gewoane planten mar in tún mei bysûndere planten fan fier fuort. Dit wiene planten en krûden dy't prachtich bloeiden en sa de tunen moai sierden. Letter waarden dit stinzeplanten neamd omdat se om stinzen hinne groeiden. Der is sels in

weBSITE oer makke. Sjoch mar ris op: itfryskegea.nl/stinzenflora/

Daslook

len fan dy stinzeplanten wie de blêdlok, daslook yn it Nederlânsk, dy't hjir yn de omkriten hiel goed groeie woe. Yn 'e maitiid begjint er mei groeien. Ast der nei op syk giest, kinst it bêste dyn noas brûke want hy rûkt nei sipels. Dêrom wurdt er ek wol it wylde sipeltsje neamd. Kinst him ek werkenne oan de twa griene blêden. De blommen binne wyt en stjerfoarmich. De blêdlok is ien fan de krûden dy't ek noch genêskrêftich brûkt wurde kinne. Blêdlok suveret it bloed, reiniget it lichem en makket de terms (darmen), lever, mage, ieren (aderen) en longen skjin en it stimulearret it

ymmúnsysteem. Troch it te iten, nimme klachten ôf. En it is ek noch lekker! It priuwet nei sipel/knyflok. Men brûkt it altyd farsk en kin alles fan it krûd brûke; de blêden, knoppen, blommen en it boltsje. Ast blêdlok siedst, hat dy net safolle smaak mear. Hy kin wol troch it sop mar dan as alderlêste krekt foar it optsjinjen dertroch riere. Fierder is er hiel lekker troch de salade of kinst der in pesto mei meitsje.

Nederlânsk:

Daslook

Latyn:

Allium ursinum

Ingelsk:

Wild garlic



Resept :

Wat hiel lekker is, is boerebûter mei blêdlok. Dat makkest sa: nim in pakje biologyske net-sâlte boerebûter op keamertemperatuer. Plôkje blêdlokblêden en as der al knopkes en blommen binne, plôkje dy dan ek (dy binne skerper fan smaak). Waskje de bledsjes en dip se drûch mei keukenrôlepapier. Snij de bledsjes yn lytse reepkes. Prak de boerebûter los en rier der de bledsjes troch. Doch der lekker in soad yn, dit kin op it gefoel. Kinst der noch sâlt, piper en kerrypoeier trochdwaan foar noch ekstra smaak. Doch de bûter yn in moai skaaltsje en fersier it mei de blomkes. Lit de bûter op syn minst trije oeren stean om de smaak deryn lûke te litten. Hearlik op in toastke of op in stikje stokbôle!

Beskerme

Tink derom wêr'tst blêdlok plôkest, want blêdlok is noch in beskerme plant dy't net yn de frije natuer plôke wurde mei. Der binne hieltyd mear minsken dy't blêdlok yn de tún ha en ast it fregest, meist fêst wol wat plôkje. Foaral ast taseist datst ek wat bûter foar harren makkest.

2024

'Tank oan de sponsors. Tank oan it muzykkorps. En foaral tank oan de bern út groep 7 en 8 dy't allegear in brief oan de bern fan de takomst skreaun ha', seit de boargemaster. 'Wy witte net wannear't de post-kiste wer opgroeven wurdt, en hoe't ús doarp der dan hinne leit. Mar ik hoopje dat jim winsken de minsken fan de takomst oan it tinken sette.'

2274

'Sweef ris in bytsje troch', seit Dien tsjin syn suske. 'De kiste wurdt krekt om twa oere iepenmakke. Ik bin sa benijd wat der yn sit!' Bacht giet wat mear nei foaren hingjen. Dêrtroch giet har hoverboard hurder. Har ljochte hier dûnset yn 'e wyn. 'Wêrom makkest dy sa drok om dy kiste?' 'Hast it nijs net heard? It is in kiste fan 250 jier âld! Mei de bou fan it nije bestjoershûs is er by tafal opgroeven.' 'Ik hie it nijs net oan op skoalle', jout Bacht ta. 'Ik hie stikem myn filmlinzen yn. Wat tinksto dat der yn dy kiste sit?' Dien hellet de skouders op. 'Wit ik folle. Miskien wol goud. Of in wapen. De wrâld wie doe hiel oars as no. SUK hat it útlein. De minsken hiene doe noch gjin chip yn 'e holle, dus se krigen net automatysk ynfo binnen. Se moasten har rêde mei simpele masines om kofje te setten, klean te waskjen of de flier te

ûntsmetten. Harsels makken se skjin ûnder in striel wetter-.'

'Makke SUK dan neat skjin?' freget Bacht.

'Nee ju. De superkompjûter is pas útfûn om 2100 hinne.'

2024

Hoi bern fan de takomst. Op dit stuit is der op in soad plakken yn de wrâld oarloch. Der wurdt slím fochten yn de Oekraïne en yn Israel. Der is geweld yn Kongo, Syrië, Afganistan en noch folle mear lannen. Ik hoopje dat yn jim tiid oeral frede hearsket. Leaf, Sinne. Groep 8.

2274

'Binne wy der hast?' freget Bacht. 'Jawis,' seit Dien. 'Sjochst by de grutte muorre al dy minsken sweven en stean? Dêr't dy hologrammen yn 'e loft hingje? Dêr moatte wy wêze.'

Bacht en Dien sweve nei de groep minsken ta. As se der binne, litte se har sakje en stappe se fan de hoverboards. De grûn fielt hurd ûnder har learzens.

Bacht rekt har nekke út. Snot, wêrom stiet sy no krekt wer achter in pear lange minsken? Se wrot har brutaal nei foaren. Sa, dat is better. No kin se sjen wat der bart.

2024

Beste bern fan de takomst, Ik meitsje my soargen oer it klimaat. De temperatueren stige, it iis fan de poalkappen raant, wêrtroch't wy hieltyd mear wetteroerlêst ha. Us heit



kin soms mei de trekker it lân net mear yn, sa wiet is it. Ik winskje jim ta dat it waar yn jim tiid net sa raar mear docht. Stoere groet fan Yme. Groep 7 fan De Reïnboêge.

2274

Twa manlju yn unifoarm liede mei in anty-swierte krêft-apparaat in grize kiste nei in lege tafel. Dêr litte se him op sakje. De gûverneur, de baas fan Frisia, stiet der neist. Bacht ken him wol. Se hat syn hologram al faak sjoen.

2024

Hoi bern fan de takomst, yn ús tiid wurdt der hieltyd minder lêzen. Elk sit mar op syn mobyltsje om te kliieren. Ik bin gek op lêzen, want mei in boek kinst ferdwine yn dyn eigen aventoer. Ik hoopje dat jim allegear in lekkere lêstoel ha, mei in gesellich lampke derboppe en in spinnende poes op 'e skurte. En ik hoopje dat der yn jim tiid twa kear safolle biblioteken binne as no, want dy binne supercool!

Leave groet fan Lina, lêsmuonster út groep 7.

2274

'Minsken, op dit momint ha wy wachte', seit de gûverneur. Hy leit syn hannen

op it lid fan de metalen kiste dêr't in grutte '2024' op ferve stiet. Om syn holle sweve kamera-drones, sadat de minsken thús ek meisjen kinne. 'Sil ik oant trije telle? Ien, twa...'

Op de tredde tel klapt er it lid omheech.

Bacht stiet sa tichteby, dat se oer de râne fan de kiste kypje kin. De drone gûnzet flak boppe har holle en filmet mei.

'Wat sit der yn?' ropt in man út it publyk.

Bacht sjocht nei de bondeltsjes wite flapkes en mapkes. 'SUK, wat is dat?' flûsteret se.

'Dat binne brieven,' klinkt de freonlike stim fan SUK yn har holle.

'Wat binne brieven?'

'In brief is in skreaune boadskip oan in persoan dy't net yn 'e buert is. Meastal waard er ferstjoerd yn in slúf.'

'Wat is skreaune?'

'Skreaune komt fan it tiidwurd 'skriuwe'. Skriuwe is in âlderwetske technyk. Op in stik papier waard mei inket, yn in koade dy't alfabet neamd waard, in boadskip setten.'

'Pak der mar sa'n mapke út, famke', seit de gûverneur freonlik.

Bacht nimt de boppeste slúf en hallet de brief derút. Der steane blauwe

kribeltsjes en foarmkes op rjochte linen. Se snapt der neat fan. 'SUK, ûntsiferje de ynhâld fan dizze brief', seit se. 'Foar elkenien te hearren'.

Mei har freonlike stim fertelt SUK:

Bêste bern fan de takomst, wat ik slím fyn, is dat der yn ús tiid safolle bisten útstjerre. Want ik hâld fan bisten. Myn leafste bisten binne de panda en de dolfyn. Dat binne beide bedrige soarten. As bisten útstjerre, ferdwine ek alderhande beammen en planten, wisten jim dat? Ik hoopje dat jim better op bisten passe as wy. Miskien kinne jim bisten weromfokke, mei in DNA-programma of sa? XXX Fenna, groep 8.

'Binne dy kribeltsjes in ferhaaltsje?' freget Bacht ferbjistere. 'Stjoerden de bern fan it ferline inoar sa berjochten? Wat cool! Soe ik dat ek leare kinne?' 'Apart idee,' fynt de gûverneur. 'Wat moatst dêrmei yn dizze tiid? Mar SUK kin it dy fêst wol leare. En miskien kinst dan ek ûntdekke wat in panda en in dolfyn binne, want dêr haw ik werklik noch noait fan heard.'

Nei it lêzen

1. Skriuw ris trije dingen op dy't de bern yn 2274 neffens dy kenne en wy no noch net.

2. Watfoar apparaat dat noch net bestiet soesto útfine wolle? Meist it ek tekenje.

3. Skriuw sels ris in koart briefke oan de takomst. Wat winskesto de minsken út dyn wenplak yn 2274 ta?

IT TSJILLE NIJS FAN TSJIL

Mei de winter hast achter ús sjogge we stadichoan foarút nei de maitiid. Mar net foar't we mei Tsjil op 'e strún gien binne lâns de nijste fideo's en programma's. Tsjil Tsjekt, ús eigen Tjits, de Tsjilste podcast en nije items. Alles sit der wer by. Wy fertelle it dy!



1 Tsjil Tsjekt

Yn Tsjil Tsjekt meitsje wy in dûk yn de skiednis fan Fryslân mei in ferhaal oer archeology, spoaren yn it lânskip en skoallen troch de jierren hinne. Want watfoar spoaren fan it ferline kinst yn ús lânskip, doarpen en stêden sjen? En wat leit der allegear yn 'e grûn? Willem wol dat fansels witte en giet mei in metaaldetektor op syk nei in skat.



2 De flagge fan...

Hoe't de Fryske flagge derút sjocht, witte wy allegear, mar wat is de flagge fan Iislân of fan Georgië? Dat is dreger as datst miskien wol tinkst. Op Instagram en TikTok kinst sjen hoe't de presintatoaren fan Tsjil riede hokker lân by hokker lân heart. Fierder wurde Jennifer en Willem bygelyks op 'e proef steld by it spultsje Geoguess.



3 It giet oan!

It wie kâld, waard noch kâlder en doe sels sa kâld dat it iis dik genôch wie en hiel Fryslân op redens stie. En fansels liet ús Tjits dat net oan har foarbygean. Se fleach nei de Ryptsjerksterpolder en gie it iis op. Fierder sjochst yn Tjits har nijste flochs dat se opnames hat foar in spannende film en lêst se har fanmail foar.



4 Tsjilste podcast

Der is wer in nije podcast! Diskear ha we it mei bern fan CBS Het Kompas oer feilich ferkear. Moatte we bygelyks ferplichte in helm drage? En hoe soe it ferkear sûnder regels wêze? We ha it oer it ferkearseksamen en wêrom it hiel gefaarlik is om mei de telefoan yn 'e hân te fytsen. Jennifers docht wat hiel spannend... Sy sil nammentlik op 'en paad mei de plysje!

5 Bauke yn Albanië

Yn Tsjil International folgje we Bauke. Hy wennet no mei syn frou en bern yn Albanië, mar in pear jier lyn wenne hy noch yn Fryslân en wurke hy by Omrop Fryslân. Bauke hat ek in eigen YouTube-kanaal dêr'tst op sjen kinst hoe't syn libben dêr is. Sa lit hy de moaiste plakken yn Albanië sjen en jout hy tips foar toeristen. Folgje Bauke op YouTube fia RRUGA.



Dogge jim al mei oan Tsjil Tsjekt? Tsjek tsjil.omropfryslan.nl

Joost goes Europapa

Joost Klein sil op 9 maaie meidwaan oan 'e twadde heale finale fan it Eurovisie Songfestival. Yn syn nûmer Europapa brûkt hy wurden út oare talen en dêrmei hopet hy ek minsken út oare lannen oan te spreken. As hy trochgiet, sil hy op 11 maaie yn it Sweedske Malmö yn de finale stean. Europapa is in nûmer fol enerzjy mar op it ein krijt it in rêstich tempo. Hy stiet dan stil by syn helden; syn heit en mem dy't net mear libje. Joost is grutbrocht yn Britsum en hat yn Ljouwert op it Stedelijk Gymnasium sitten. Tolve punten fanút Fryslân!



De Lora-pappegaaï op Aruba

Troch streuperij, jacht en it kappen fan bosk is de Lora-pappegaaï op it eilân Aruba om 1947 ferdwûn. No – 75 jier letter – binne der 25 fan dizze fûgels frijlitten yn in natuergebiet op Aruba. It wurdt spannend, want sille dizze 25 Lora's deryn slagje om te oerlibjen en in nije koloanje te foarmjen?



Waarm rinne mei de metaaldetektor

Guon minsken rinne waarm foar de ien of oare spesjale hobby, sa as op 'en paad gean mei in metaaldetektor. Erlend Bore út Noarwegen is sa'n metaaldetektorman. Hy hie de hobby betocht om't syn dokter sei dat er wat mear bewege moast. Sa wie hy op it eilân Rennesøy, yn de omjouwing fan de stêd Stavanger doe't hy sinjalen krige fan syn detektor. Hy fûn wat dat like op fan dy sûkelademuntsjes of buortersguodmuntsjes... dat tocht er earst. Doe die bliken dat er in prachtige fynst dien hie fan munten en mear fan sa'n 1400 oant 1500 jier âld.



OSIRIS-Rex en in dekseltsje



Yn septimber lâne in lytse kapsule fan de romtesonde OSIRIS-Rex yn Amearika. Yn de kapsule siet materiaal fan de planetoïde Bennu. De romtereis duorre jierren en yn dy tiid waard mear as in miljard kilometer ôflein. De kapsule wie binnen en doe? Doe krigen se it deksel net fan de kapsule. Twa fan de 35 skroeven sieten sa fêst dat it moannen duorre hat oant se einliks it deksel los krigen hienen. No kin it materiaal fan de planetoïde Bennu troch wittenskippers ûndersocht wurde.



Sinesapels ophelje yn Valencia

Yn de Spaanske stêd Valencia steane sa'n 12.000 sinesapelbeammen. Se bloeie en rûke fantastysk. Mar nei twa jier falle de ripe fruchten fan de beam. Dat jout in soad rommel en jout ek gefaar fan glêde diken. Dêrom hellet de gemeente Valencia elk jier de ripe sinesapels fan de beammen. Dat dogge se yn de winter en, it kin net oars, mei masines. Sa'n 350.000 kilo sinesapels. Spitigernôch: dizze fruchten binne net lekker om te iten of te parsen.



Fulkaan op Yslân



Dizze winter wie der wer in fulkaanútbarsting op Iislân. De fulkaan de Sunhnúk wie in skoftke in bedriging foar it doarp Grindavík. In oantal hûzen rekke yn brân. It smiet ek wer hiel moaie plaatsjes en filmkes op.

Offal fan de MSC Zoe



Begjin jannewaris 2019 ferlear kontenerskip MSC Zoe boppe de Waadeilannen 342 konteners mei fan alles en noch wat. No – fiif jier letter – spjelt der noch ôffal oan op de Waadeilannen. Der sit noch de wrâld oan swalkôffal (sa as mikro-plestiks) yn see dat op in gegeven momint oanspielt. It giet mooglik om wol 800.000 kilo. It is in hiel grutte ekologyske ramp! Omrop Fryslân hat der twa dokumintêres oer makke.



Meteoar by Berlyn

De nacht fan 20 jannewaris wie in bysûndere nacht foar minsken dy't de romte bestudearje om planetoïden te sykjen. Op dizze dei seach in Hongaarske astronoom in planetoïde, in rotsblok yn de romte, dy't op de ierde ôfkaam. Even letter hie NASA it ding ek yn 't fizier. NASA koe sels sizze dat it ding by Leipzig/Berlyn delkomme soe.



En dat barde. Oant no ta binne der noch gjin stiennen/stientjes fan de planetoïde fûn. Mar se tinke dat der bêst kâns is dat dy dêr yn Dútslân lizze. Sjoch in moai filmke fan de meteoar.





De Ljurk

De Ljurk heart by de sjongfûgels. Ljurken hawwe in moaie brune skutkleur en wenje foaral op it boerelân.

Ljurkjes kinst maitiids boppe greide- of heidefjilden hiel helder sjongen hearre. Sa beakenje se harren territoarium ôf.

De Ljurk hat in grutte famylje. Oer de hiele wrâld binne der hast hûndert soarten.

Ljurken briede yn heech gers op 'e grûn. Se lizze twa oant seis brune aikes. By it meanen binne de nêsten hast net te finen.

Ljurken ite ynsekten en siedsjes. Opfallend is fierder dat se net hippe, mar rinne.

Yn 1970 wie de Ljurk noch de meast foarkommende briedfûgel fan ús lân mei 750.000 pearkes. Dêr binne no noch 50.000 fan oer.

Leaf deiboek, april, 1765

Wolst it net leauwe. Myn Hindrik hat in grizelich wûnder sjoen! Hy stode sa wyt as kryt nei hús ta. Do witst leaf deiboek, Hindrik wurket as timmerman yn de Sint Nicolaastsjerke, hjir yn Wiuwert. Mei syn maten is er dwaande mei it houtsnijwurk fan de preekstoel. Mar hjoed sei hy gjin stom wurd doe't er thúskaam; as hie der spûken sjoen. Ik ha him in komke brij jûn en doe begûn er te fertellen.

Hindrik en syn timmermaten soene even bôle ite, doe't Titus in doarke yn it each krige. Se wiene nijsgjirrich en hawwe de doar iepen makke. Dêr ferskynde in trep nei de kelder; de grêfkelder fan de famylje Walta! In foarname famylje fan adel fan froeger. Se skrokken fan de rige deadskeften dy't se seagen. Doe't se op de keften ta stapten, ferwachten se bonken te sjen. In skelet hie ommers folslein logysk west! Mar it wie ysliek wat se seagen, huverje mei...

Der lizze opdrûge minsken. It fel sit oer de skonken oerhinne, en fan ien binne de eachlidden noch oanwêzich. It is as sjocht hy dy oan. Hindrik trille deroer doe't hy it fertelde. Fierder seagen se dat der

gatten yn de muorre fan de grêfkelder sitte. Soe it troch it klimaat komme dat de liken der sa bylizze? Is it tafal, of wisten de tsjerkebouwers yn 1100 al mear as wy no? Ik tink dat it mei ierdstrielen te krijen hat!

Hindrik tinkt dat it troch Jean de Labadie komt. Hy hat hjir wenne en yn de grêfkelder tsjerketsjinsten holden. Jean wie in dûmny út Frankryk, mei strange ideeën as it om it leauwen giet. Minsken wiene bang foar him. Wat tinksto? Is it hekserij, of dochs it wurk fan de duvel?

It idee.. dat der mummys lizze yn Wiuwert!

Dyn Grytsje



Nei it lêzen

As in bist of minske stoarn is, fergiet it lichem. Dat betsjut eins dat der hieltyd minder fan it lichem oerbliuwt. Der streamt gjin bloed mear troch it lichem en dêrtroch kin

it lichem net mear bliuwe sa as it altyd west hat. Yn de mummykelder fan Wiuwert lizze lichems dy't noch net fergien binne. Der komme in soad minsken nei de tsjerke fan

Wiuwert om dit yn in it echt te sjen en alle besikers hawwe in eigen idee wêrom't dizze lichems der noch sa goed útsjogge. Wat tinksto hoe't it sit. Skriuw dyn idee hjirûnder op:

.....

.....

.....

.....

.....

.....

.....



Wolsto de mummys yn it echt sjen? Sjoch foar iepeningstiden fan de tsjerke en mear www.mummiekelder.nl

Keunster yn dy

Wat in keunstner docht is:

- ▶ oars sjen
 - ▶ doare te fielen
 - ▶ helder tinke
 - ▶ gewoan begjinne te meitsjen
- ▶ Der is gjin fêste folchoarder
 - ▶ Kies wêr'tsto begjinne wolst
 - ▶ Wês net bang datst net kreatyf bist
 - ▶ Kreativiteit en fantasij dat binne spieren, en dy kinst traine!

Lit dyn ferbylding sprekke en meitsje dyn eigen wrâld om dy hinne. Hoe soesto wolle dat de realiteit derút sjocht? Ferken en ûntdek mei dyn fantasij! Fynst dyn skoalgebou in bytsje saai? Meitsje der in betoverjend paleis fan. Wa wit wenje der wol tsjoenders, elfkes of kabouters? Stel dy foar datst in reuseftige dinosaurus as húsdier hast of dat der oeral fergees kado's foar it opkrijen lizze. Lit dyn gedachten sa wyld en kleurryk wêze ast mar betinke kinst.

Oars sjen

Sjoch goed om dy hinne. Wat is der allegearre yn dyn omjouwing en wat soest dêr mei in bytsje fantasij noch mear fan meitsje kinne? As dyn skoalgebou in paleis is, miskien is dyn pinne dan wol in swurd en de master of juf de draak dy't ferslein wurde moat. Of draai it om, moat de draak miskien rêden wurde fan de lilke prinses?

Doar te fielen

Hokker gefoel krijsto wannear'tst troch dyn omjouwing rinst? Dogge de fûle sinnestrielen op it skoalplein dy miskien tinken oan de moaie fakânsje yn Frankryk? Besykje dan om de simmerske frijheid yn dyn tekening te ferwurkjen. Miskien tinkst by de kâlde rein wol oan ferfeling omdatst net goed bûten boartsje kinst, hoe soest dat útdrukke kinne?

Helder tinke

Yn hokker omjouwing soest sels wêze wolle? Skriu op watfoar lânskippen oftsto foarby kommen sjoen hast op fakânsjes of op telefyzje. Miskien kinst in kombinaasje hjirfan meitsje, of alles krekt hielendal ûnderstboppe keare.

Gewoan meitsje

Brûk dyn hân as in fotokamera. Sjoch goed nei dy 'foto'. Wat soe der allegearre ta libben komme kinne? Skriu it op, tekenje it en lit dyn fantasij frij gean!



It tema fan dizze Tsjil is *op 'e strún*. Dêrom dizze kear in puzel fol mei wurden dy't hjirmei te krijen ha. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinsto de puzel oplosse?

Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy **foar 15 april** nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

Trochstreekpuzel

F	E	A	N	E	F	I	E	R	D	L	A	A	C	H
E	B	O	A	R	D	J	F	Û	N	E	M	I	N	T
R	A	R	K	F	T	B	O	N	K	E	N	J	S	B
L	I	O	I	G	I	K	L	E	A	N	Û	I	T	T
I	E	M	Z	U	I	B	M	K	R	Û	K	L	I	P
N	R	E	E	O	D	R	I	A	C	S	S	D	N	O
E	D	I	R	D	K	Û	D	R	H	Y	T	K	S	N
T	E	N	T	O	A	N	S	T	E	L	L	I	N	G
M	W	S	I	W	P	S	I	E	O	S	F	S	E	E
U	U	K	I	R	S	T	U	F	L	P	I	T	J	N
M	R	S	D	A	U	I	W	A	O	J	B	E	U	T
M	K	K	E	K	L	I	E	K	O	E	U	J	T	E
Y	Â	L	D	A	E	D	N	T	C	L	L	P	T	R
H	I	S	T	O	A	R	J	E	H	D	A	O	E	P
E	M	E	T	A	A	L	D	E	T	E	K	T	O	R

Archeolooch	Ferline	Jildkiste	Pot
Ark	Fibula	Jutte	Romeinsk
Artefakt	Fjoerstien	Klean	Spjelde
Board	Fûnemint	Krûk	Stins
Bonken	Histoarje	Metaaldetektor	Tentoanstelling
Brûnstiid	Ierdewurk	Midsiuwen	Terp
Erfguod	Ierdlach	Mummy	Tiidkapsule
Fean	Izertiid	Musea	Wrak
		Ponge	Âld



Mopkes

In man en in frou rinne yn it Fries Scheepvaart Museum.

'Douwe, moatst sjen wat in ôfgrysluk skilderij!' Dê't de man op seit: 'Rixt, set dyn bril op en kom foar dy spiegel wei!'



Melle hat in wike siik west.

Wer op skoalle freget er oan de master: 'Ha ik in soad mist mei skiednis?'

De master anderet: 'Nee hear, mar fiifhûndert jier.'



Sudoku

	8	4	7		5			2
1			2	9		8	4	
				3	8			
	6		8	7		5	1	
			9		3			4
3	7					6	8	
		3		2		1		
		8	3		1			
5					9		3	

De priiswinner fan de lêste puzel is: **Fenna de Graaf** út groep 7 fan CBS de Springplanke út Ingwierrum.

Fan herte lokwinske! De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **Romtekuier**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

SKAT GRAVE



DE FOARIGE KEAR

MASTER SJOCH!!

WY HAWWE DINOSAURSBONKEN FÛN OP ÛS HIEM!



DY SKIEPEBONKJES BINNE AARDICH, MAR IK WOL DOCHS EK IN DINOSAURUS FINE!



WACHTSJE RIS! ÛS HEIT LEIT NIJE TEGELS YN DE TÛN EN ALLES LEIT OER HOOP.

DËR KINNE WY MOAI GRAVE!



MAR JIMME WENJE YN RYCHJESHUZEN, DËR SIT DOCHS NEAT YN DE GRÛN?

ARGEOLY IS FAN ALLE TIDEN!



IK HA IN ANTIKE TEEPOT FÛN!

LETTER YN DE TÛN

IK FÛN HJIR IN ALDE MUNT! IN GÛNE!

WOW! DER SITTE HJIR SKATTEN YN DE IERDE!



SJOCH! IK FÛN IN HOEFIZER!

WY KOMME AL TICHTEBY.

EN IK IN TOSK FAN IN BIST.



IK HA IN DINO FÛN!

JJA! DY WIE IK AL JIERREN KWYT!



MASTER SJOCH!! WY HAWWE DOCHS IN DINOSAURUS OPGROEVEN!